

Ineke Strouken [red.] (2006)

*Werken, werken, werken! Migratie en lokale geschiedenis.* (Utrecht: Nederlands Centrum voor Volkscultuur, ISBN: 90 71840 66 2, 80 s., € 17,50).

Yn it boek *Werken, werken, werken! Migratie en lokale geschiedenis* spilet de mûnlinge skiednis, *oral history*, in wichtige rol. De publikaasje is it resultaat fan in grutter pilotprojekt fan it *Nederlands Centrum voor Volkscultuur (NCV)* oer de skiednis fan 'e gastarbeid yn Midden Brabân yn 'e sechtiger en santiger jierren. Doel fan dat projekt wie om de lokale erfgoedorganisaasjes te stimulearjen om út ein te setten mei ûndersyk nei de skiednis fan 'e gastarbeiders, dy't no op leeftyd binne. It projekt bestie út in útstalling, in boek (*Werken, werken, werken! De geschiedenis van de gastarbeiders in Tilburg en omstreken 1963-1975*) en twa stúdzjedagen, dy't yn novimber 2004 holden binne.

Dit boek besiket de skiednis fan 'e gastarbeid út in breder perspektyf wei

te benaderjen. De opset fan it boek is om de migraasjeskiednis te yntegrearjen yn 'e lokale skiednis. Ornaris binne it noch twa aparte ûndersyksfjilden: de migraasje-ûndersikers dogge ûndersyk nei de skiednis fan 'e migraasje, wylst de lokale histoarysk de skiednis fan it eigen wenplak ûndersykje sûnder omtinken foar de migraasjeskiednis.

It NCV wol mei dizze publikaasje hânfetten jaan oan erfgoedinstellings om op in praktyske wize oan it wurk te gean mei de migraasjeskiednis fan Nederlân, sadat dy op pleatslik nivo de migraasjeskiednis yntegrearje kinne yn 'e lokale en regionale skiednis. De klam leit op 'e tiid nei de Twadde Wrâldkriich. Oer de migraasje yn dy tiid is noch mar in bytsje materiaal sammele.

Doel is om erfgoedinstellings yn gearwurking mei migrante-organisaasjes in samling opbouwe te litten. Yn it boek wurde dêrom in pear fan dy foarbyldprojekten presintearre, dy't rjochte binne op it sammeljen fan saken en argyfmaterial op it mêd fan 'e migraasjeskiednis. Boppedat binne der ek ferhalen fan ûndersikers dy't de migraasjeskiednis op lokaal nivo bestudearre hawwe. Ut soarte meie de persoanlike ferhalen fan 'e migranten net ûntbrekke; mei help fan 'e metoade fan mûnlinge skiednis komme de migranten sels ek oan it wurd. Neist in protte ferhalen fan earmoed, ûnwennigens en mankelikens binne der ek wol fleurige mominten. Sa as bygelyks it ferhaal fan in Surinamer dy't yn 'e sechtiger jierren nei Tilburch kaam en spontaan yn in restaurant ûntfongen waard mei de wurden: "Meneer u bent een neger!" Doe't de Surinamer dat bevestigjend beäntwurde, sei de man yn it Brabânsk: "O, maar ik zag 't gelèèk".

Peter van der Meer (Fryske Akademy)